

Taalbelied fan ENROPE

The ENROPE group

Ien fan de ENROPE's sintrale doelen wie om meartaligens as akademyske praktyk te autorisearjen en bekrêftigjen. Dêrom tochten wy nei en besprutsen wy hoe't wy talen brûke kinne yn al ús aktiviteiten en produkten (Intellectual Outputs, koartwei IOs). Mei dat doel foar eagen hawwe wy dit taalbelied ûntwikkele, dat it hiele projekt troch besprutsen en ferbettere is. Dit dokumint omskriuwt de yntinsje fan it taalbelied fan ENROPE, de oannommen definysjes, ynformaasje oer de tapassing en de kwaliteitsbehearsking oangeande taal.

1. Doelen fan taalbelied

1.1 Bewustwêzen, praktyske kant en transparânsje: Om't wy ús rjochtsje op in gruttere lykweardigens fan talen, erkennen wy dat wy libje yn in wrâld dêr't talen hierargysk organisearre binne en dêr't rekken holden wurde moat mei praktyske oerwagingen. Dit dokumint is opmakke om it grûnidee fan it taalbelied fan ENROPE dúdlik te meitsjen.

1.2 Etyk fan ynklúzje fan ferskillende talen, minsken en kennis: Om't wy in etos neistribje fan gefoeligens, tolerânsje, respekt en ynteresse foar alle talen en taalfariëteiten dy't brûkt en leard wurde by ferskate groepen en mienskippen, hawwe wy as doel om ynklusive praktiken oan te nimmen yn ús diskusjes, aktiviteiten en fierdere saken. We hawwe taalgebrûk net as fanselssprekkend oannommen, mar hawwe meidien yn diskusjes op ferskillende mominten yn de rin fan it projekt. Sichtber bewiis dêrfan is te finen yn it hjoeddeistige dokumint (dat it resultaat is fan ús diskusjes), yn de talige wurksumens fan ENROPE-dielnimmers mei de Yntensive Stúdzjewiken (Intensive Study Weeks, koartwei ISWs) fan ENROPE en yn de [annotearre bibliografy](#), dat in trochgeand en duorsum ENROPE-projekt is om kennis yn talen oars as it Ingelsk tagonklik en sichtber te meitsjen.

1.3 Etyk fan tagonklikens: Foar in gruttere tagonklikens en brûkberens fan ús projektútkomsten binne essinsjele en strategyske parten oerset yn alle partnertalen (sjoch 2.1). It garandearret dat dielname en útkomsten tagonklik binne foar in publyk mei ferskillende taaleftergûnen. Dit beslút balansearret tagonklikens, ynklúzje en de praktyske kant. Dat omtinken is teffens laat troch ús kwaliteitsbehearsking (sjoch 4).

2. Oannommen definysjes

2.1 Partnertalen: ynstitúsjonele talen dy't brûkt wurde yn partnerynstituten fan ENROPE (Katalaansk, Ingelsk, Nederlânsk, Estsk, Frysk, Frânsk, Dútsk, Spaansk, Turksk).

2.2 Talen/fariëteiten: Talen en taalkombinaasjes dy't part binne fan dielnimmers harren yndividuele taalrepertoiren, bygelyks Poalsk, Italiaansk, Mandarynsk, Urdu, Gryksk, Welsk, Switsersk en Standert Dútsk, Amerikaansk en Europeesk Spaansk, Mauritsiaansk Kreoalsk, ensfh.

2.3 Helpende talen/fariëteiten: Hokker talen dan ek dy't brûkt wurde foar *translanguaging*, bygelyks om wat te besprekken yn ien fan de boppesteande talen of bykommende talen, of yn in kombinaasje fan dy talen/fariëteiten.

2.4 Ingelsk as lingua-franca: Taal dy't elkenien yn in groep brûke kin as in mienskiplike taal. Alle fariëteiten fan it Ingelsk binne akseptearre, ynklusyf fariëteiten fan de FS, it FK, oare wrâldfariëteiten fan it Ingelsk of it Ingelsk as frjemde taal (Jenkins, 2013; 2003, Seidhofer, 2006). Sjoch ek 4 Kwaliteitsbehearsking.

2.5 Meartaligens en *translanguaging*: Basearre op [Plur>E](#) en [PlurCur](#) sjogge wy dy begripen as omskriuwing fan in oanpak, dy't wy op de kommende wize ferstean:

- Fierder gean as ôfsûnderlike talen, bygelyks troch meartalige feardigens te brûken om te bemiddeljen, oer te setten, te code-switchen en meartalich te kommunisearjen.
- Derfan bewust wêze dat taalfeardigens yn ferskillende talen op ferskillende nivo's ûntwikkele binne, ôfhinklik fan kommunikative behoeften yn elke taal. Meartaligens is dêrom mear as de optelsom fan aparte talen en feardigens.
- Derfan bewust wêze dat ferskillende talen ferskillende funksjes hawwe: sadwaande wurde talen yn ferskillende domeinen en op ferskillende nivo's brûkt, ôfhinklik fan de deistige behoeften.
- Derfan bewust wêze dat taalkennis/meartalige kennis yn it ferstân ferbûn is en dat alle talen mei-inoar ynteraksje hawwe en dat soks laat ta oerdrachtsfenomenen.
- Derfan bewust wêze dat minsken stipe nedich hawwe om harren meartalige repertoiren te ûntwikkeljen, ûnderhâlden en behearskjen.

3. Ymplementaasje

Taalbesluten binne makke foar organisatoaryske doelen, lykas it draaien fan it projekt, en foar de kommunikaasje mei eveneminten. Dit taalbeliedsdokumint yllustrearret taalbesluten makke troch de ENROPE-stjoergroep. Soksoarte taalbesluten wiene basearre op de projektdoelen, etyk, betingsten fan finansiers, partnerorganisaasjes, brûkers en ynstututen, lykas útljochte yn dit dokumint. Taalbesluten laat troch dielnimmers kamen ta stân troch begeliedende en wichtige refleksje op de behoeften en yndividuele taalrepertoiren foar guon projektdielen en mei aktiviteiten.

3.1 De sichtberens fan talen op it Webplatfoarm (IO1): strategyske websiden hawwe taal sichtber makke troch:

- Dielnimmersferhalen op te nimmen yn ferskillende talen op de taalside.
- In taalseleksjeknop beskikber te meitsjen dêr't brûkers in partnertaal mei selektarje kinne. Guon siden sille allinne yn de orizjinele taal beskikber wêze (bygelyks Nijs).
- It oanbieden fan strategyske teksten yn alle partnertalen (sjoch 3.3).
- It sichtber meitsjen fan publikaasjes yn oare talen as it Ingelsk mei de [annotearre bibliografy](#).

3.2 It mooglik meitsjen fan takomstige refleksje op taalbesluten: Dit dokumint is ûntwikkele, oanpast en besprutsen yn de hiele doer fan it projekt en moat net as definityf besjoen wurde. It moat oanpast en ûntwikkele wurde mei it each op takomstige projekten. De webside (IO1) hat trije taalbeliedsdokuminten dy't ûntwikkele binne troch de stjoergroep en dielnimmers:

- Dit taalbeliedsdokumint yn alle partnertalen.
- It taalwurksumensdokumint

- In link nei in [‘tinkrûtime’](#) dy’t makke is om te ûntdekken, evalúearjen, yn te tinken, presintearjen en ymplemintearjen.

3.3 De oersetting fan ENROPE-produkten: de kommende teksten en útkomsten binne troch it ENROPE-team beskôge as essinsjeel. Dêrom binne oersettingen yn alle partnertalen beskikber. Alle oare teksten binne beskikber yn it Ingelsk.

- [De lâningswebste](#) (IO1)
- [Projektgearfetting](#) (IO1)
- [ENROPE Kompetinsjemodel](#) (IO2)
- Yntroduksje fan it Hânboek (IO2)
- [Flaptekst fan de Annotearre Bibliografy](#) (IO1):
- Portfolio (iepenbier part A) (IO3):
<https://drive.google.com/file/d/1J77bJg2o9GKDPnEKpHTFk1XsTK3lWXxt/view?usp=sharing>
- It hjoeddeistige taalbeliedsdokumint (IO1):
https://docs.google.com/document/d/1KsviYNH6Hf26syyBO-qDFs4GZNJ2-Seh_dmXcOOSDHE/edit#

3.4 De oersetting fan ENROPE-produkten troch oaren: Brûkers fan ENROPE-útkomsten en -produkten binne útnûge om dy oer te setten yn bykommende talen foar akademyske en edukative doelen, mar dy oersettingen sille net publisearre wurde sûnder tastimming fan de ENROPE-stjoergroep.

4. Kwaliteitsbehearsking

Wannear’t wy ús produkten ôfrûnje, moatte wy dúdlikens kreëarje hoe’t wy kwaliteit, tagonklikheid en profesjonalisme ôfweagje yn ús dokuminten.

4.1 Oanpak oangeande de Ingelske kwaliteitskontrôle: Wy ûnderkennen dat ENROPE-kollega’s mei ferskate taalfearrichheden oan it projekt bydroegen en wy rjochten ús derop om inoar te stypjen yn it produsearjen fan teksten en oare útkomsten yn sawol de partnertalen as oare talen. Us taalbelied wie foarme troch Ricento en Seidlhofer (2011, 2006).

“Seidlhofer argues that this privileging of native speaker norms and expectations of what is acceptable, error-free, English in all contexts in which English is used, whether between Outer Circle interlocutors, or Outer Circle-Inner Circle interlocutors, is both unrealistic, irrational, and counterproductive in a world in which the users of English in the outer and expanding circles far outnumber those speakers of the Inner Circle varieties. She argues that “it is high time for applied linguists and (English) language teachers to develop fresh ways of thinking critically about what ‘English’ is, given its changed role and status in the world” (Seidlhofer, 2011: 16–17, cited in Ricento, 2014: 364)

Dêrop basearre hawwe wy it kommende kwaliteitsbehearskingsbelied oannommen foar it kontrolearjen fan Ingelsktalige produkten.

4.2 Kwaliteitskontrôle fan Ingelsktalige teksten: Om te garandearjen dat de útkomsten taaltagonklik en profesjoneel wiene, hawwe wy in mearsidige strategy oannommen foar kwaliteitskontrôle. Mei it each op in breed publyk fan sawol beropskrêften en akademisy hawwe wy teksten neisjoen op gebrûksfreonlikens en dúdlikens. Dat hold yn dat de dokuminten neirûn waarden oangeande:

- It neilibjen fan finansieringsbetingsten (neisjen fan subsydzje-oanfraach)
- Ynhâld (dúdlikens fan it doel, lêzersbegelieding, ôfkoartingen)
- Taalgebrûk (bygelyks korrekte ferbûging en stavering)
- Akademyske betrouberens (bygelyks spiegeling fan hjoeddeistige diskusjes en kennis)
- Mei it Ingelsk as lingua-franca fan it projektteam, binne alle dokuminten as earste makke yn it Ingelsk. Dokuminten binne dûbeld neisjoen troch kollega's fan ferskillende partnerynstituten. Britske, Amerikaanske en oare farianten fan it Ingelsk binne wolkom, mar it taalgebrûk moat wol konsekwint wêze yn elk dokumint.
- 'Dokuminten sille neisjoen wurde troch op syn minst twa kollega's fan ferskillende partnerynstituten mei ferskillende talige en kulturele eftergrûnen. Dat sil ús helpe om te kontrolearjen op dúdlikens en betrouberens fan dokuminten.'
- ENROPE-partners yn de njoggen partnerynstituten wiene ferantwurdlik foar de oersettingen dy't beskreaun binne by 3.3. De oersettingen dy't makke wiene binne neierhân neirûn troch in kollega dy't feardich is yn beide talen.
- Wy hawwe de kommende fuotnoat by alle grutte dokuminten taheakke om lêzers bewust te meitsjen dat ferskillende begripen en konsepten oare dingen betsjutte kinne, ôfhinklik fan dissipline, taal- of kultuereftergrûnen.

Fuotnoat dy't oan alle dokuminten taheakke wurdt:

"We recognise that colleagues at different stages in their careers work in a range of cultural and scholarly contexts and use different varieties of English. Rather than imposing the norms of one variety of English and the native speaker norms, we have adopted an approach which allows for a more flexible use of the English language, prioritising clarity and effective communication. As to translations, terms and concepts may have different meanings in different languages, for example, the terms dialect and community language. We asked contributors to provide respective explanations, only when terms and concepts may be contested, cause misunderstandings or are used in different ways in different languages. See ENROPE language policy for further details."

5. Referinsjes

- Jenkins, J. (2003). *World Englishes: A Resource Book for Students*. London and New York: Routledge.
- Jenkins, J. (2013). *English as a Lingua Franca in the International University: The Politics of Academic English Language Policy*. Routledge.
- Ricento, T. (2014). Thinking about language: what political theorists need to know about language in the real world. *Language Policy*, 13(4), 351–369. doi:10.1007/s10993-014-9322-2
- Seidlhofer, B. (2011) *Understanding English as a Lingua Franca*. Oxford: Oxford University Press.
- Seidlhofer, B. (2006). English as a Lingua Franca in the Expanding Circle: What It Isn't. *English in the World: Global Rules, Global Roles*. Continuum.